

In hobby tic

Tekst & muzyk
Geartsje Douma

1. Bob-by hat as hob-by au-to's sammel-je. Hy hat mear as hûn-dert en se bin-ne
al - le-gear - re swart. Rea - de, gie - le, grie - ne, gri - ze au - to's wol er net.
Au - to's mei in kleur smyt er yn 't jis - ke - fet. In hob - by is sa leuk, in
hob - by jout in kick. Kinst der net mei stop - je, hast in hob - by tic.
Soms fer-jitst de tiid en komstoer-al te let, troch dyn hob-by, want in hob-by is sa fet.

Chords: C, G, G7, F, G, C, Refrein, G7, C, F, G, G7, C

2
Jetse kin goed sketse en hy hat in soad talint.
Mei syn stompke potlead tekent er elk frij momint.
Jetse krabbelt op elk bledsje en op elk papier.
Sels op bêd kin hy't net litte, werklik wier.
Refrein

3
Roel spilet fioele, hy wurdt letter muzikant.
Mar hy moat it striken noch wat better leare, want:
at hy oefent krije alle minsken pyn yn 't ear.
Roel docht goed syn bêst, dan komt it fêst wol klear.
Refrein